

Jierferslach oer 2019

1. Sifers

It Genealogysk Wurkferbân (GWF) hat yn 2019 acht kear by inoar west. Foar de simmer wiene de gearkomsten, útsein de ekskurzje, yn restaurant Wouters foar it stasjon oer. It plak wie sa ticht by de trein wol gaadlik mar de tagong ta de seal foldie minder. It bestjoer koe nei de simmer regelje dat de gearkomsten tenei yn Tresoar (Gysbert Japicxseal) holden wurde koene. No't Tresoar ek op sneon iepen wie koene leden dy't wat fierder fuort wenje ek noch efkes saken dwaan yn de kolleksje. Nei de earste kearen kinne wy sizze dat it dêr sk oan foldocht.

It bestjoer kaam twa kear gear: op 19 jannewaris en 15 oktober. De belangrykste punten fan besprek wiene de de jierplannen en it meitsjen fan ôfspraken foar it benaderjen fan de ynliders op de gearkomsten. Fierder ha it plak fan gearkommen, de organisaasje fan de jierboekgearkomsten en de tsjinstferliening fan Tresoar ûnderwerp fan petear west. Wat dat lêste oanbelanget hat it bestjoer it inisjatyf naam om regelmjittich mei de direksje fan Tresoar de gong fan saken en de gearwurking te besprekken. De direkteur fan Tresoar, Bert Looper, seach it oerlis as in soarte fan platfoarmfunksje fan de brûkers fan de fasiliteiten fan Tresoar. Nei de earste gearkomste is ek it bestjoer fan de NGV afdeling Friesland oanskood. Ofpraat is dat dit platfoarm jierliks twa kear mei elkoar yn petear giet.

It bestjoer fan it GWF hat mei de oare wurkferbannen regelmjittich oerlis hân mei de direksje fan de Fryske Akademy (FA). It wichtichste punt yn dy besprekkingen wie de takomst fan de FA en it plak fan de wurkferbannen binnen de FA. Fan de kant fan de wurkferbannen is der mei klam op wiisd dat krekt de wurkferbannen in wichtige skeakel binne nei de Fryske mienskip. De direkteur fan de FA, Willem Sminck, ûnderskreau dy funksje en hat dat ek op dy wize opnommen yn de takomstplannen fan de FA. Ek de belutsenheid fan de meiwurkers fan de FA by it wurk fan de wurkferbannen wurdt troch beide partijen erkend.

As bestjoer wolle wy hjir tank útsprekke foar de goede meiwurking fan it sekretariaat fan de FA yn de persoan fan Adrie Kaspers en de webbehearder Richard de Boer. Yn dit ferbân meie ek de leden-notulanten fan de gearkomsten neamd wurde. Har help ûntlêstet de skriuwer fan in stik wurk dat njonken it meitsjen en ferstjoeren fan útnûgingen en struibrieven in moanlikse stikje ynspanning is.

2. Bestjoer

Der wiene dit jier gjin mutaasjes yn it bestjoer. De gearstalling wie yn 2019 dan ek: Gosse van der Plaats (foarsitter), Dr. Jabik van der Bij (skriuwer) en as leden Jelle de Jong, Rinse Spits, Anne Hylke Lemstra. Der binne gjin fakatueren yn it bestjoer.

3. Leden

It tal leden wie yn 2019 op 1 jannewaris 216. Op 31 desimber fan itselde jier wie dat sakke nei 205. In delgong dy't him de lêste jierren hieltyd foardocht. Der falle troch ferstjerren wol leden ôf mar de oanwaaks is net navenant. Yn it bestjoer is wolris grute dat it lidmaatskip eins gjin echte foardielen opsmyt. Je kinne fergees nei de gearkomsten. In mooglike oantrún om stiper fan de FA te wurden soe wêze kinne de digitale bestannen fan de jierboeken allinne foar leden fan it GWF/stiper fan de FA tagonklik te meitsjen. Mar dêr giet it GWF net oer, dat is in saak fan de FA.

Noch altyd binne der sa'n 60 leden dy't (ek nei werhelle fersyk) gjin e-mailadres trochjûn ha. Dat freget alle moannen ekstra wurk foar de foarsitter en de skriuwer om postsegels te plakken en de papieren yn de slugen te dwaan. Dat binne acht kear in ekstra reiske nei Ljouwert en de kosten oan postsegels,

printsjen en papier. Samar inkelde hûnderten euro's dy't wy leaver ynsette soene om wat breder op Van Plan te advertearjen foar de gearkomsten.

4. Reklame


Oant en mei dit jier makke it GWF allinne gebrûk fan digitale en skriftlike útnûgings oan de leden mei dêr njonken in 80-tal struibrieven dy't ferspraat waarden oer Tresoar, HCL, Biblioteek Blokhúspoarte en FA. It effekt fan de struibrieven hat it bestjoer har twivels wolris oer. Yn 2020 wurde de gearkomsten ek opnommen yn de nijsbrief fan Tresoar en wiene sûnt 2016 al op Van Plan.

5. De gearkomsten

Yn totaal wiene der yn de acht gearkomsten 317 besikers oanwêzich. Yn 2018 wie dat noch 248. In stiging fan 28%. Dat is gâns mear as yn 2018 en ek doe hiene wy al in stiging fan 16% yn fergeliking mei 2017. Dit is in grut ferskil mei de ûntjouwing fan de ledetallen: it tal leden rint tebek en it tal besikers nimt sterk ta.

5.1 Cnossen-Knossen, troch Jelle Cnossen op 5 jann. 2019

Op 26 maaie 2018 hat it bestjoer fan de Stichting Cnossen-Knossen op in feestlike gearkomste yn de Martinitsjerke fan Boalsert it twadde famyljeboek presintearre. Oan de presintaasje is rom 10 jier histoarysk en genealogysk ûndersyk foarôfgien. It boek befettet njonken in skat oan histoaryske feiten en famyljeferhalen in wiidweidige stambeam, dy't werom giet oant it jier 1400. De famylje wenne doe op twa terpen yn it buorskip Knossens ûnder de reek fan Boalsert. It boek is sawol yn it Nederlânsk as it Ingelsk ferskynd, omdat ûngefear de helte fan de famylje yn de FS en Kanada wennet. Reden werom't it boek op 12 augustus 2018 op in reüny yn Holland (Michigan) oan de famylje dêr presintearre is.



5.2 De famylje Flapper, troch Nykle Dijkstra op febr. 2019

Nykle Dijkstra fertelt oer de famylje Flapper út de omjouwing Boalsert-Heech-Warkum. Oan de hân fan 'oral history', kranteberjochten, gerjochtlike stikken, boelbeskriuwingen en oare boarnen waard it ferhaal ferteld oer de generaasjes (katolike) boeren yn de Súdwesthoeke. Yn de achttjinde iuw wie der ek in tal skippers yn de famylje dy't fiere reizen makken en te meitsjen krigen mei stoarmen en oarlochssitewaasjes. Oer harren aventoeren waard oan de hân fan ferskate maritime boarnen útlis jûn.



kofskip en fregat (J.K. de Jong) →

5.3 Sels in boek meitsje, troch Jabik van der Bij en Obe Weissenbach op 9 mrt 2019

It meitsjen fan in boek is tsjintwurdich minder dreech as it wol liket. Dizze middei binne yn in pear stappen it proses trochnommen fan it ûntwerpen fan in boek yn Word. In laptop by de hân wie wol maklik. Nei ôfrin krige elk in hânlieding mei nei hûs. Twa kear is de ôfspraak mei Pro-book net troch gien en no komme se net mear op lokaasje. Dêrom hat it GWF it dizze middei sels oppakt.



As betûft printer hat Obe Weissenbach wat ferteld oer it printproses. Hy hie it oer saken dêr't jo rekken mei hâlde moatte by it meitsjen fan in boek: de ferskate formaten en materialen dy't brûkt wurde kinne. En fansels de kosten, it tal eksimplaren dat der printe wurde moat. En de fraach oft jo ek op help rekkenje fan de printer by it ûntwerpen fan in boek. Weissenbach naam genôch foarbylden mei fan ferskate formaten om sjen te litten en der wat oer te fertellen.



De gearsit wie de jierlikse **mienskiplike gearkomste fan it GWF en de NGV afdeling Friesland**, organisearre troch it GWF.

5.4 Jeppemastate en weeshûs Tjallingastate, troch Titia Jippes-de Boer op 30/3

It aadlike hûs Jeppema stie ea njonken de tsjerke fan Nijtsjerk by Marrum. De skiednis fan de state en fan de bewenners kamen dizze middei oan 'e oarder. De famyljes Jeppema, Unema, Roorda en Grovestins hawwe eigener fan de state west.

Ek yn Westernijtsjerk stiet de pleats Tjallingastate. Yn 1541 bepaalden de eigeners Kinsck fan Ropta en Sioerdt fan Andla dat hjir wezen opfongen wurde soenen. De opfolgjende pachters fan de pleats krigen fan doe ôf ek de soarch oer in tal wezen. Dit duorre oant 1877, doe 't de opfang fan wezen nei Huzum oergie. De pleats Tjallingastate is noch altyd eigendom fan de stichting Tjallingaweeshûs.



5.5 Skelte van Aysma, syn grêf en pleats, troch André A. Buwalda op 21 sept.

- Buwalda gie op 'e tekst oer de resinte en tige nijsgjirrige ûntwikkelingen yn de tsjerke fan Schettens: yn 2016 koe in âlde helm yn de tsjerke keppele wurde oan de hege offisier Skelte fan Aysma fan Schettens.
- Yn 2017 waard de tsjerke folslein restaurearre. By tafal waard in grêfkelder fan dizze Skelte fûn ûnder syn mânske grêfstien yn it koar.
- Yn 'e kelder kamen 5 plassen en skeletten foar it ljocht. Troch genealogysk en DNA ûndersyk koene dizze persoanen identifisearre wurde.



Dizze gearkomste wie de mienskiplike

ekskurzje fan it GWF en de NGV afdeling Friesland, organisearre troch Jelle de Jong (GWF).

5.6 De Martena's yn Fryslân troch Marjan Brouwer en Henk Popma 21 sept. 2019

Hoe kaam it earst relatyf ûnbekende geslacht Martena oan har macht en besit? Ien fan de earsten fan de Martena's dy't in belangrike maatskiplike posysje krige wie Hessel fan Martena. Wa wie hy en hoe is it him slagge en krij safolle macht en ynfloed? Ha lettere generaasjes dêrfan profitearre?

Der is ek Doeke fan Martena, dy't bekend is as de admiraal fan Fryslân en in steunpilaar wie fan Willem fan Oranje yn de striid tsjin Philips II. Martenastate der't hy wenne hat, bleau fia syn pakesizzer oan't 1895 ta yn it besit fan syn famylje. Earst de Burmania's en letter de Vegilins van Claerbergens.

Catharina Entens, de pakesizzer fan Doeke Martena, de admiraal fan Fryslân.



5.7 Stambeam yn sulver, troch Richard de Boer en Han Nijdam op 2 nov. 2019

De Fryske berteleppeltradysje liket in bytsje op it keatsspul. Ea waard it yn meardere dielen fan Europa dien, mar hast allinne yn Fryslân is it goed bewarre bleaun. Berteleppels lizze by mannichien as erfstik thús en Fryske edelsmidden sille meistimme dat se as geskink noch hieltyd yn 'e swang binne. Wat sokke leppels bysûnder en foar genealogen nijsgjirrich makket, is it prinsipe fan ferneamen dêr't it foar in goed part op driuwt (of alteast hiel lang dien hat: wy sjogge ek dat de tradysje yn de rin fan 'e 20e iuw feroare is). Sa binne der leppels dêr't trije, fjouwer of sels fiif kear deselde namme op gravearre stiet. Oant de romte op 'e leppel op wie. Sokke leppels binne stambeammen yn sulver. Yn de lêzing waard it begjin fan de tradysje trasearre en de fierdere ûntjouwing beskreaun. Ek die bliken dat de berteleppels net yn hiel Fryslân foarkomme, mar yn in beheinder part. De ynliders diene in koart ferslach fan har rinnend ûndersyk en fan de reaksjes dy't se krigen hawwe op de ferskate opropen om ynformaasje oan te leverjen.



5.8 Jierboekgearkomste, troch redaksje Genealogysk jierboek 2019 op 30 nov 2019

Nei de iepening troch de foarsitter fan it GWF hat it redaksjelid Ype Brouwers de ynhâldlike lieding by de yntroduksje fan it jierboek. De ûnderskate skriuwers of har ferfangers jouwe in taljochting op harren bydrage oan it jierboek. Neffens Brouwers is dizze gearkomste it jierlikse feestje fan it GWF.

➤ *Fryske Rie foar Heraldyk* Wapenregistraasje

Mei help fan in PowerPoint presintaasje jout Terluin in libbene taljochting op twa persoanlike wapens (Randolph Algera, Jacob Bijlsma) en sa'n tsien famyljewapens (Beijert, Brander, Jongeling, De Jong, Koenders, Nijdam, Piersma, Stelpstra, Tolsma).

➤ *Heslinga fan Marsum* Jan T. Anema

It artikel beskriuwt neffens de auteur de “ups en downs” fan in boerefamylje Heslinga. Der besteane ferskate famyljes Heslinga, dy't net oan inoar besibbe binne. De namme komt al ier yn de midsiuwen foar. It artikel fan Anema moat klearens jaan op de Heslinga's fan Marsum. De 17de iuwske argiven ha flink wat oplevere oer Heslingastate yn Marsum en de âldste generaasje Heslinga yn Ingelum.

➤ *Peaux* Otto Schutte

Otto Schutte syn efternicht wie benijd nei in rinkje dat Augusta Peaux legatearre hie oan har mem. Otto kende de namme Peaux, hie dêroer publisearre yn Nederland's Patriciaat (1969). Op in wapenboerd yn Harns komt de namme Peaux trije kear foar. Otto Schutte gie dêrmei oan de slach. Sa ûntstie dit artikel, te finen op de siden 81-90 fan it jierboek.

➤ *Nakomelingen van Anck Boldewyns te Hindeloopen* Jan de Vries

It artikel yn it jierboek begjint by Anck Boldewyns, dy't om 1600 hinne yn Hylpen wenne en nei alle gedachten heech op jierren stoar. In kaart út de tiid doe't Anck Boldewyns noch libbe, it easten boppe-oan, de Waadsee en de Sudersee lit sjen dat de Súdwesthoeke in seefarrende mienskip wie. Sa ek Molkwar, doe Molqueren. Neffens de auteur is de namme troch piraten út Sweden, dy't har yn Molkwar fêstige ha, de namme oan Molkwar jûn. Yn Sweden leit in plakje mei deselde namme. Wa mear witte wol oer de neiteam fan Anck Boldewyns kin it jierboek rieplachtsje.

Ut namme fan it bestjoer fan it *Genealogysk Wurkferban fan de Fryske Akademy*, Twellegea, 15 jannewaris 2020.

Dr. Jabik van der Bij